

Sjueryferslach Bernard Smildepriis 2018.

Bêste minsken,

Tsien lieten hawwe wy as sjuery ta beoardieling foarlein krigen. We ha dêr mei in positive ynstelling en in positive blik nei sjoen. Mar Oom fuort en daliks mar mei it wichtichste te begjinnen: spitigernôch koene wy as sjuery fan de Bernard Smilde Priis 2018 net ta in oar oardiel komme as dat de priis dit jier, krekt sa't dat in 2016 it gefal wie, net takend wurde kin.

Dat beslút freget fansels om in taljochting. Bernard Smilde sels wie altyd tige kritysk op tekst en muzyk; hy wie net gau tefreden. En mei reden. It skriuwen fan in goed liet freget noch al wat fan in dichter. Taal, ritme, de bylden dy't je brûke – it komt allegearre o sa krekt. Mei dat alles yn 'e efterholle wiene wy it der mei ús trijen gau oer iens dat gjin fan de ynstjoerde lieten oan dizze kritearia foldocht.

Fan de tsien ynstjoerde lieten foelen der fiif fuort en daliks ôf.

Fan ien fan de lieten is yn elk kûplet it oantal wurdliiden wer oars. Dêr falt fansels net in wize op te meitsjen, en as dan ek it Frysk hjir en dêr noch knoffelich is, dan hâldt it al gau op. Yn oare lieten falle de klammen hieltyd ferkeard, of der wurde sa folle ferskate bylden oan inoar plakt dat je it spoar al gau bjuster binne. En fansels mei in liet stichtsjend wêze, mar dat is wat oar as it efter inoar sette fan in oantal op him sels stichtsjende gedachten. Dan wurdt it al gau in rige klisjees.

Dan de oare fiif.

Om te begjinnen de nûmers 1, 9 en 10

De ynstjoerder fan liet nûmer 1 naam in song út in musical as útgongspunt. It hie in swingend moarnsliet wurden kinnen. Spitigernôch bliuwt de útwurking fan dit op himsels goede idee ûnder de mjitte. Bylden wurde net konsekwint trochfierd en de tekst fan it refrein is swak.

Ek it idee fan nûmer 9 is aardich; in nayf ferske dat tinken docht oan "Marc groet 's morgens de dingen" fan Paul van Ostaijen. Foar in liet foar bern kin dat in geskikte ynfalshoeke wêze, mar dan moat it wol better útwurke wurde.

Fan liet 10 binne de earste twa kûpletten de bêste, mar net goed genôch om de priis te krijen en dêrnei rekket de dichter it spoar bjuster.

Dan bliuwe der noch twa oer.

Yn nûmer 3 falle alle klammen goed en dat yn in liet mei mar fiif rigels en twa rymklanken per kûplet. It liet skilderet hoe't de natuer op in moaie moarn wekker wurdt. Mar dêr bliuwt it by. Moaie wat naïve romantyske bylden. Mar se ferwize nearne nei. Nim de klyster út it lêste kûplet. Anton Ent hat dat byld ek brûkt yn in liet ynspirearre op Psalm 57. It stiet as Psalm 57a yn ús lieteboek.

'De klyster sjongt as moarntiidsiepening,

Syn liet docht bange nachten ticht'.

By Ent wiist de klyster boppe himsels út. Dat makket it spannend. Dy spanning ûntbrekt yn dit liet.

As lêste nûmer 4. De dichter fan dit liet giet út fan de Moarnsstjer, Venus. Lykas Philipp Nicolai yn 'Wie schön leuchtet der Morgenstern'. Dat is op himsels al in weachstik: Probearje dat mar ris te ferbetterjen. Der stean prachtige rigels yn lyk as : De Moarnsstjer krûpt it nije ljocht noch efkes oan'. Spitigernoch komst dan fierderop in stoplap tsjin as 'de tiid hâldt gjin skoft'. Dat kin wol op in tegeltsje oan de wand mar net yn in tsjerkeliet.

Yn nûmmer 3 en 4 sitte dus wol oansetten om it nivo fan de priis te heljen, mar se komme dêr net.

De sjuery miste yn de ynstjoerde teksten ek in fris lûd, in ferrassende ynfalshoeke, in teologyske stap foarút. De bylden dy't de ynstjoerders yn harren liet brûke – sjongende fûgels, de Moarnsstjer, de opgeande sinne – se binne allegearre alris earder brûkt en better.

Al mei al is de sjuery ta it beslút kommen om dit jier op 'e nij gjin priis ta te kennen. It soe devaluaasje fan 'e priis betsjutte en dat kin net de bedoeling fan Krúspunt wêze. Dat de sjuery yn sa'n koart tiidbestek al foar de twadde kear ta dizze konklúzje komme moat, fine wy soarchlik.

Benammen om 't fan op syn minst de helte fan de ynstjoeringen jildt dat se fier ûnder de mjitte bliuwe. Om in goed tsjerkeliet te meitsjen moat men wat mear yn 'e hûs ha dan dat men wolris in ferske skriuwt. Men moat dêrfoar it ambacht fan dichter oer alle boegen goed yn 'e fingers ha.

It liket derop dat wy dit nivo op dit stuit net helje.

Mei út namme fan Margryt Poortstra en David de Jong,
Adri Terlouw